

couplet 1: IN SNEON YN AUGUSTUS, DE SINNE SY SKYNT  
 EN ALLES DAT FLJUCHT NEI ÚS GROU.  
 MEI FYTSEN EN AUTO'S EN MOTORS EN SA,  
 FAN GREIDEN, FAN FJILDEN EN BOU.  
 MAR IEN KEAR YN 'T JIER, DOCHS DAN WIT SELS IN BERN,  
 DAN BINNE DE SKÛTSJES YN GROU WER TE SJEN.

*refrein* SKÛTSJESILE IS MYN NOCHT, LAVEARJE EN SOMS FOAR DE WYN.  
 MEI MYN SKÛTSJE EN MYN WIIF EN IT HELMHOUD SA TUSKEN ÚS YN.  
 AS IK MEI MYN SKÛTSJE TROCH FRYSLÂN DÊR GEAN,  
 DAN TINK IK SA FAAK: BLEAU DY TIID MAR RIS STEAN.  
 SKÛTSJESILE IS MYN NOCHT, LAVEARJE EN SOMS FOAR DE WYN.

couplet 2: PYTERSMA EN WITTEVEEN EN ULBE VAN DYK,  
 JA ALLEGARRE BINNE PRESINT.  
 SYTSMA EN DIJKSTRA, MAR EK BLAUWE PYT,  
 BIN NAMMEN YN FRYSLÂN BEKEND.  
 EN IEN KEAR YN 'T JIER KOMT IT SPUL WER EN NOU,  
 DAN WURD ER FÛL STRIDEN, DAN SJONGT HIEL 'E GROU.

>> refrein

couplet 3: WY HAWWE YN FRYSLÂN IN SOAD SILERIJ,  
 MEI JOLTSJES EN SKOUWEN EN SA,  
 MAR SKÛTSJES, DY SJOCHT MEN MAR IEN RIS YN 'T JIER.  
 FOAR IN SKIPPER IS DAT DER OP TA.  
 HY WROT FOAR DE TAKOMST, DE BEAM YN 'E HÂN,  
 FOAR FROU EN FOAR BERNTSJES, FOAR 'T FRYSENE-LÂN.

>> refrein

